Kerkrentmeesters	Siep van Lingen	06-12043143	s.vanlingen1@upcmail.nl
Bankrekeningnummers:	Diaconie Reduzum-Idaerd		NL59 RABO 0330771418
	Herv.Gem. Reduzum-Idaerd		NL02 RABO 0356264335

WWW.KLEISTUDIO.NL



REDUZUM
MARGRIET KRIJGSHELD



Haedstrjitte 13
9008SM REDUZUM
06 53309122

* HANDGEMAAKT KERAMIEK * SERVIES *
* MOKKEN * UNIEKE CADEAUS * KOPJES *
* STEENGOED * KOMMEN * VAZEN * POTTEN *



Ze serveren zelfs thuis!

Zeven dagen per week een driegangen diner naar keuze. Lekker uit eten in ons restaurant of thuisbezorgd door onze maaltijdservice. Service van Leppenheim, voor iedereen.

gewoon jezelf blijven



Leppenheim...
mienskipssintrum

Leppedyk 37, 8491 GJ Aldkrum
T (0566) 654 654
I www.leppenheim.nl

Bernedeiferbliuw Bernewrâld



Haedstrjitte 29, Reduzum
info@bernewrâld.nl
www.bernewrâld.nl
06-10099030/0566-602434



Repair Center Friesland
Piet Posthumus

Reparatie van:

- ✓ Telefoon & Fax
- ✓ Audio & Video
- ✓ GSM & DECT

Haven 21
9008 SX Reduzum
Tel: 0566 602158
Fax: 0566 602195
Gsm: 0651 749649

ITBO 
UW IT SPECIALIST
ITBO.NL

CONTACT
info@itbo.nl
06-37383735

WEBSITE
www.itbo.nl



Jelte Bokma

Emoasje

Ik betraapje my der de lêste jierren gauris op: emoasjes. As je âlder wurde ha je dêr mear 'lêst' fan. Neffens psychologen is dat hiel gewoan. Aldere minsken hawwe mear foarfallen meimakke, sawol goede as minne, en dy minsken hawwe leard om mei alle emoasjes om te gean dy't dêrby hearre. Koartsein: mear libbensûnderfining. It oandien reitsjen troch eat dat immen meimakket of docht is it gefolch fan feroaringen yn de hormoanhúshâlding, de omstannichheden en de libbensfaze dêr'tst ynsitst.

Yn myn deistich libben en benammen ek yn de sport ha ik dy emoasjes geregeld meimakke. Lêstendeis siet ik yn De Lawei fan Drachten. Freark Smink, Theo Smedes en Amin Ait Bihi spilen 'De Emigrant', skreaun troch Romke Toering. Wat in machtich moaie foarstelling: pikefel, laitsje en sa no en dan wiete eagen. En wat te tinken fan de searje 'De Joodse Raad' op telefyzje. De grize giet jin oer de grouwe! Ek fan in moai boek kin ik oandien reitsje.

Oare emoasje seach ik yn al dy jierren dat ik yn stadions, iis- en sporthallen en op oare fjilden kaam, by mysels of by de minsken om my hinne. Dat wiene de emoasjes fan súkses. It wie woansdei 16 juny 1993, de beslissing yn de neikompetytsje fan de earste divyzje soe falle. Yn it âlde Abe Lenstra Stadion, Sportpark Noard oan de J.H. Kruisstrjitte, wie Fortuna Sittard de tsjinstanner. By winst soene de Feansters wer yn de earedivyzje komme. Ik rûn as freelancer mei mikrofoan en stjoerder op it fjild (dat koe doe noch). It Fean wûn mei 2-0 troch goals fan Erik Regtop en Erik Tammer. Wat in feest yn dat folle âlde stadion.

Nei ôfrin fansels de reaksjes fan de spilers. Yn myn koptelefoan hearde ik Eelke Lok, hy hie ferslach dien en hie op de tribune goed sicht op it fjild. "By de middelline foaroer de haadtribune dêr rint Foppe de Haan." Ik as in spear derhinne. Trainer Foppe rûn, hy klapte mei de hannen boppe de holle, lâns de grôtfolle tribune. Hy fierde it feest mei it publyk. Al rinnende stelde ik myn earste fraach, mar der kaam gjin lûd út Foppe. Ik seach fansiden en doe seach ik in man dy't út 'e skroeven wie, mei dikke triennen dy't oer syn wangen rôlen. We wiene de bocht al om by de hoekskopflagge, mar earst foarby de goal kaam der wer lûd út Foppe. Fierderop yn ús karriêres hawwe we soks faker meimakke.

Ik kin ek emosjoneel wurde as ik foar de telefyzje sit. Bygelyks as Femke Bol oer de hikjes springt, of as Femke Kok as in

It stikje fan Koos

strieljager oer it iis giet. Femke wie de atlete fan it WK fan 2023 yn Boedapest. Op de mingde 4 x 400 meter like se foar de ploech goud te pakken, mar krekt foar de einstreek stroffele Femke. Dy grutte teloarstelling waard letter fuortdraafd op de 400 meter horden en op 4 x 400 froulju. Beide kearen goud, wat in klasse en wat in emoasje.

Doe't ús Redúster Alle Jan Anema op woansdei 2 augustus 2017 mei Bauke Triemstra en Hendrik Kootstra de PC wûn, wiene we allegearre út 'e skroeven. Doe't ik noch foar de klasse stie hie ik Alle Jan yn de klasse, no rûn ik op it Sjúkelân en stie Alle Jan foar myn mikrofoan. Dan moattst it gefoel foar in part útskeakelje, oars begjinst sels te snotterjen. Mar wat wie it moai. Elkenien gunde it Alle Jan en dat wie goed te sjen by syn maten fan Reduzum en Grou: triennen!

Ik wit ek noch krekt wêr't ik wie doe't Epke Zonderland goud wûn op de Olympyske Spelen fan 2012 yn Londen. We wiene krekt oankommen op in fakânsjepark yn Raalte (Salland). Op dy tiisdeitemiddei yn augustus gong it dak fan de turnarena en ek fan ús fakânsjehúske. Ik ha dy gouden oefening hiel faak weromsjoen en hieltyd sei kommentator Hans van Zetten wer: "Hij staat! Ik sta! Ik ga helemaal uit mijn dak!"

Noch in foarbyld fan kjeldpûkels. Op in sneontemoarn ein juny 2002 ried ik ier en betiid nei Nijmegen. Der wie it hiele wykein it NK hurdfytsen. Op dy sneon ried Pieter Weening by de beloften (ûnder 23 jier) oer û.o. de Zevenheuvelenweg en troch Berg en Dal. Yn in hiele spannende finale wûn Pieter de einsprint fan Frank van Dulmen. Piet Paulusma soe krekt nei healwei ienen it waarberjocht dwaan, mar dat koe net omdat de de beide hurdfytsers mei de lêste oardel kilometer dwaande wiene. Piet hat in skoftke yn 'e wacht stien en Pieter waard kampioen.

Ik fyn hurdfytsen ien fan de moaiste sporten op telefyzje. Yn 'e winter it fjildriden, dêrnei de klassikers en de trije grutte hurdfytsronden. Machtich hoe't Mathieu van der Poel op alle fronten meidocht mei as hichtepunt syn wrâldtitel op it WK yn Glasgow yn augustus 2023.

It wurdt grif in moaie sportsimmer mei it EK fuotbal, de Tour de France, de Olympyske Spelen en fansels de Fryske sporten.

Koos Wieling

Idaerd • 06 - 20 62 55 31

BOELE DE VRIES

 **DIENSTVERLENING** 

Gewasbescherming • Onderhoud • Reparatie • Constructiewerk

**Mobiele
airco service
aan motor-
voertuigen**

STEK  **Gecertificeerd**

Ook kunt u bij ons
terecht voor het
Inbouwen en leveren van:

- Standkachels
- Car kits
- Alarm systemen
- Audio apparatuur
- Navigatie

ATF
Airco Techniek Friesland
Tel. 06 22 97 86 95




Bernefertier
kinderopvang

Kinderopvang Bernefertier
De kleinschalige kinderopvang voor
kinderen van 0 tot 13 jaar!

- ~ Voorschoolse opvang
- ~ Buitenschoolse opvang
- ~ Dagopvang
- ~ Flexibele opvang

Contact:

Rianne Rodenburg
Haven 15, 9008 SX Reduzum
info@bernefertier.frl
0653319428

Meer aandacht voor het individuele kind



ATW - FRIENS

Melktechniek • Stalinrichting • Vijzels • Silo's

- **Melkmachines** – Nieuw en tweedehands
- **Doormeten** van uw melkmachine door erkende "KOM" monteurs
- **Stalinrichting**, koematras, mest scheider, mestschuiven, drinkbakken, verlichting, vijzels, silo's, minimelkers etc.

Website: www.atwagri.nl • Email: info@atwfriens.nl

Arjen van Balen
9009XC FRIENS
Beslingadyk 4
Mobiel: 06 – 54341080



Ferlinepraat

De nije generaasje bistedokters fan Reduzum-Grou frege my om ris in stik te skriuwen oer de skiednis fan dizze praktyk. Nijsgjirrich fansels, om soks út te sykjen. Mar net ienfâldich om't de âlde generaasje der net mear is om saken nei te freegjen. Myn earste hâldfêst wie it stik dat ús heit yn it boekwurkje FerLinepraat optekene hat yn 1992. Dêrneist haw ik yn de krante-argiven oan it sneupen west en besocht ik de iepen dei fan Tresoar.

Op myn snoadfoan en op Facebook brûk ik as profylfoto in âld kykje fan mysels mei Penzie, ús âlde Cocker Spaniel. Wy sitte tegearre op de oprit fan myn âlderlik hûs fan eartiids. Ik sil doe in jier as fjouwer west ha en wit dêr sels neat mear fan. It oandwaanlike plaatsje lit wol sjen dat ik as beuker al wat mei bisten hie en dat docht it altiten goed om mei te begjinnen at ik wer op toernee bin mei myn ferhalen. Dat earste praktykhûs fan ús heit wie it wite hûs oan de Haedstrjitte wer't no Jet en Joop Andringa wenje. Njonken ús wenne doe 'pake' Gerrit mei syn húshâldster 'tante' Piet yn it hjoeddeistige hûs fan Geeske en Hans Smorenburg. Gerrit Terpstra kin mei rjocht as de grûnlizzer beskôge wurde fan wat hjoed-de-dei de Dierenartsenpraktijk Reduzum-Grou neamd wurdt. Ik haw him net oars kend as in ûnbehelplik en krebintich âldbaas dy't teistere waard troch rimmetyk en op in hiel bysûndere wize geweldich fersoarge waard troch syn steun en stipe Piet Kleiterp.



Gerrit Terpstra waard yn 1886 as bakkerssoan berne yn Marsum en koe goed leare. Yn militêre tsjinst krige hy grutte belangstelling foar de kavalery en dat soarge der foar dat syn stúdzje oan de Ryksfee-artsenijskoalle bekostige waard troch de oerheid. Daliks nei syn ôfstudearjen naam Terpstra yn 1912 de praktyk oer fan feedokter C.M. van Royen, dy't yn 1905 dêrmei úteinset wie yn it hûs op de Trije Romers wer't no Marije van der Werff en Ale Brouwer húsmanje. 'It duorre net sa lang of hy krige mei syn kundichheid en ynset it betrouwen fan de boeren dy't wennen tusken Dearsom oant foarby Warten en fan Aldskou oant Barrahûs', sa stiet it beskreaun yn FerLinepraat. Fansels soe ik folle mear witte wolle hoe't it der om en ta gong yn dy tiid. Us haadredakteur Dirk makke my in bytsje weiwiis hoe't ik sykje moast op it ynternet yn de 'krochten' fan Tresoar. Tagelyk makke hy my attint op de iepen dei fan dizze 'skatkeamer fan Fryslân'.

Ut âlde krante-artikels en argiven wurd ik net in hiele protte wizer. It fak lient him fansels ek net bot om faak de krante te heljen, sadwaande kom ik net folle fierder as in oanstelling om op de feemerk tafersjoch te hâlden of dat op Tsjenzerbuorren in oanriden hynder fan de molkrider ôfmakke wurde moast. Wat my ek opfalt is dat krektlyk as tsjintwurdich de parse inoar ferskuorrend nei-eamelt. Yn 1922 is der ynbrutsen by de feedokter op de Trije Romers en de bût bestie út 500 gûne en it tafelsulver. Yn mear as tsien ferskate kranten kom ik yn amper fan inoar ferskillende teksten stees itselde berjocht fan de 'geraffineerde bandieten' mei wanten oan tsjin. Wol wer nijsgjirrich is it berjocht dat Terpstra al yn 1912 yn de karkommisje siet fan de fôlekeuring yn Reduzum. De earste priis wie doe foar de brune hynstefôle mei in wite blêns fan Jarig Boersma út Friens; dat moat hast wol de oeroerpake fan de foarsitter fan ús mûnestichting west hawwe ...

Gerrit Terpstra hat de lêste tsien jier tegearre mei syn soan Gerard, myn omke, praktyk holden. Yn 1955 naam ús heit syn plak fan him oer. De beide sweagers hawwe mear as tweintich jier tegearre oparbeide. Ein 70-jierrren waard de melkfeehâlderij stees yntinsiver en kaam Lolke Kalsbeek de maatskip fersterkjen. Sels bin ik yn 1987 yn de praktyk kommen en ik haw it plak van omke Gerard yn de maatskip yn 1990 oernommen.

Ik wol mear fan it fiere ferline te witten komme en sadwaande set ik tegearre mei Dirk it gat op de fyts om de iepen dei fan Tresoar te besykjen. De rûnlieding troch de kelders lâns mear as 35 km(!) oan skappen mei boeken en argiven is wakker nijsgjirrich. Ik fyn lykwols net wat ik sykje, mar ik tref wol Tjitske. Tjitske hat bistedoktersassitinte(!) west yn Leiden en sy is in oerpake- en beppesizzer fan Romke en Sietske van der Wal. Dizze twa âldere minsken haw ik noch kend doe't se wennen op de Ayttawei yn de fjouwer-ûnder-ien-kap wenning dêr't Age Roorda letter fan twa wenten ien makke hat. It bysûndere fan Romke en Sietske wie dat sy mekoar har hiele libben lang mei 'jo' oansprutsen hawwe. Ik haw wol by harren oer de flier west om't ús heit skoalmaat wie fan har soannen Jehannes en Jurjen. Dy beide mannen wiene skrande; Jehannes wie útfiner by Philips en Jurjen is emigrearre nei Amearika en hat fan alles en noch wat by de ein hân. Hy hie de gek mei ferskate natuerkundige wetten en hat dêr in boek oer skreaun; spitigernôch wie der gjin útjouwer dy't dat drukke litte woe ... Jurjen koe wol goed skriuwe en der hat noch net sa lang lyn eat fan him yn Linepraat stien. Ik haw oardeloere mei Tjitske yn de Prinsetún bjusterbaarlik oan it kofjemiel sitten; it smyt allikewol in hiel oar stikje op as ik fan doel wie. Wat dat oanbelanget keallet it sikerwier dreech; Menno sil fierder yn it ferline omdolle moatte!



Doarpsbelang
Reduzum

UITNODIGING ALGEMENE LEDENVERGADERING

Datum: donderdag 25 april 2024

Tijd: 20:00 - 21:30 uur

Waar: Café-bar De Welp


Jeugdwurk Friens



De bern út Friens ha hjoed de hantsjes flink út de mouwen stutsen. Yn 3 groepkes ha de bern hearlike cup cakejes bakt. Doe't die yn de oven stiene, ha de bern moaie kaaihingers makke mei help fan Ronald. Doe't dy ek klear wiene, koenen de cup cakejes fersierd wurde en net te ferjitten preaun wurde.



Zaterdag 12 april hebben we vanuit Jeugdwurk weer een leuke activiteit bedacht " Het proeflokaal". Er waren een 6 tal proefjes te doen. De kinderen mochten met een dobbelsteen gooien en dat proefje mochten ze doen onder begeleiding. Proefje met een viltstift en een koffiefilter, ijsblokjes, ballonnen, iets statisch maken. Niets was te gek! Super leuke middag. In de pauze even bijkomen onder een genot van een drankje en zoutje. Daarna nog 3 proefjes. Ronald sloot af met een leuke stunt met een frisdrankfles met water erin. Deze werd met een compressor de lucht ingeschoten. We hadden weer een zeer geslaagde middag met mooi weer en veel lol!



Tineke Koopmans Pedicure

Ons laagste lichaamdeel vergeten we wel eens.
Terwijl de voeten ons hele lichaam dragen.
Ook uw voeten verdienen extra zorg en aandacht.

Voor uw behandeling van

- Overtollig eelt
- Kloten
- Likdoorns
- Schimmel (mycose) nagels
- Ingroeïende nagels

Kom eens langs voor een professionele voetverzorging!

**Tineke Koopmans
Pedicure**

06 3602 8850

ook voor:
Diabetische voet
Reumatische voet

Aangesloten bij:

ProVoet
Streeklingsmaatschap voor de Pedicure

Krekt op Maat
maatwerk meubelen & interieur
Voor woning en bedrijf!

Jan & Hinke Richtsje Miedema

TSIENZERBUORREN 2 REDUZUM

0566-601939 / 06-38935445

www.krektopmaat.nl



Ruime ervaring met Meubels, Interieur en Keukens van alle houtsoorten. Alles met diverse mogelijkheden en afwerkingen als Beton Stuc of natuurstenen werkbladen, metalen onderstellen voor tafels en tuinkussens op maat. Vraag gerust naar de talloze mogelijkheden bij Krekt op Maat!

In oktober 2022 kwamen Halyna en Valentina, gevlucht voor het oorlogsgeweld in Oekraïne, bij mij in huis wonen. Na een jaar zijn zij eind september 2023 weer terug naar Charkov gegaan.

Het was een bijzonder jaar, voor hen en ook voor mij. We communiceerden vooral met de vertaalapp, heel fijn natuurlijk, maar soms niet toereikend genoeg om precies over te brengen wat de een of de ander bedoelde. Van



november tot maart hebben zij Nederlandse taallessen gevolgd. Jammer genoeg stopte de docent en toen was bij hen de spirit er ook wat uit. Ondertussen hadden wel meer woorden in elkaars taal geleerd en ook non-verbaal waren we heel sterk. We hebben veel gelachen, veel gezongen en soms ook gehuild. Hier leven in rust en kalmte, terwijl je thuisland in oorlog is, twee uitersten om mee te leven. De gesprekken met hun familie en vrienden in Charkov bezorgden soms slechte nachten. En toch konden ze ook genieten van de vele wandelingen om Reduzum en naar de Zwette om daar rustig te zitten met de voeten in het water, zich te verbazen over de mooie fietspaden waarop ze vooral "veel oude mensen" zagen fietsen. Zo zou ik vele verhalen kunnen doen. Heimwee naar familie en vrienden in Charkov werd steeds sterker. Uiteindelijk hebben zij in september besloten weer terug naar huis te gaan. Mijn huis en hart blijft voor hen openstaan.

Het is voor mij een verrijking geweest dit te kunnen doen, mede dankzij ondersteuning, in welke vorm dan ook, van vele lieve mensen uit Reduzum. Daarvoor, mede namens Halyna en Valentina heel veel dank voor de betrokkenheid tijdens hun verblijf en ook nu nog voor de vragen over hoe het met hen gaat. Ik heb regelmatig app contact met hen. De situatie is erg zorgelijk, vaak luchtalarm, vooral in de nacht, de ramen rammelen in de sponningen. Dagen zonder stroom/gas en water, dan wel weer even, en dan weer nieuwe aanvallen op de infrastructuur, het gaat maar door en door. Ik spreek mijn bezorgdheid voor hen uit via de app en krijg dan de volgende app van Halyna: Goedemiddag, ik ben je dankbaar voor je bezorgdheid, ik wil heel graag bij mijn familie zijn, thuis zijn bij mijn familie is heel belangrijk voor mij. We accepteren alles wat we in het leven moeten meemaken. Reactie van Valentina: veel onrust, maar: de zon schijnt, de vogels fluiten, het gras is groen, wij leven! Ik weet ook hoe gespannen de situatie voor hen is. Wat een krachtige vrouwen. Ik zal hen blijven volgen in warme verbondenheid.

Heleen

Sinnepanielen

Efkes in taljochting op de sifers fan it skema

	2024			2023			23/24
	maart	febr	jan	maart	febr	jan	
1 skoalle	123	65	47	226	186	70	70,90%
2 gymlokaal		38	80	199	139	73	63,30%
3 kantine	120	97	97	196		64	107,40%

De getallen dy't stean yn it skema binne omrekkene nei in standertpaniel. Om't je oars de panelen net fergelykje kinne. 123 betsjut dat in panel 123 watt oan stroom levere hat per dei yn dy moanne. As der gjin sifer yn stiet is der wat oan de hân. Dat kinne sturingen yn de omfoarmer wêze of dat de boel yn de merterkast útsetten is, en doe hat men fergetten om it wer oan te setten.

It persintaazje (%) is oer in hiel jier sjoen. Binne der panelen op it dak kommen yn bygelyks augustus, dan sil it % leger wêze omdat it net in folslein jier is. It % jout oan wat de panelen yn in jier oplevere ha oan stroom. 100% wol sizze like folle kilowatts as dat de ynstallaasje oan wattpiek hat (4000 wattpiek = 4000 kilowatt yn 't jier).

De huzen mei de sinnepanielen op it easten en it westen komme faaks net oan de 100 punten. Dit om't de sinne der minder goed op skynt oer in dei sjoen. Dan is 85% al hiel knap. As de sinnepanielen âlder wurde dan sille de opbringsten ek wat sakje. Nei 25 jier garandearje de measte fabriken noch in opbringst fan 80 oant 85%, neffens de opbringst by it oanbringen fan de panelen.

Binne der minsken dy't ek noch mei de fergelyking meidwaan wolle, dan kin dat (e-mail bartle: liuw@nedsight.nl).

Bartle.

Algemeen Nieuws

De nieuwe Linepraat ligt voor u en ook deze keer is er weer de vaste bijdrage van onze school aan de Redúster dorpskrant. Deze keer is het de beurt aan de kinderen van de bovenbouw waarin zij vertellen over de belevenissen van de afgelopen tijd en de dingen waar ze naar uitkijken. Daarnaast is er ook veel algemeen nieuws en vanzelfsprekend mogen de verjaardagen ook in deze editie niet ontbreken. Allemaal veel leesplezier toegewenst en graach oant sjen by ús op skoalle!

Juf Nelly yn it sintsje!

Al sinds jaar en dag maakt juf Nelly schoon bij ons op school. Elke dag weer zorgt ze voor een blinkend schone school en daar zijn we ontzettend blij mee. Iets anders waar we heel blij mij zijn is het feit dat juf Nelly, ondanks dat ze kort geleden voor een deel met pensioen is gegaan, heeft aangegeven dat ze nog een tijdje bij ons wil blijven. Voor ons was dit een reden om haar even in het zonnetje te zetten en op donderdag 4 april hebben we juf Nelly daarom met de hele school toegezongen en cadeautjes geven. Lieve juf Nelly, gefeliciteerd met je gedeeltelijke pensioen en wat fijn dat je nog even bij ons blijft!



Klassewerkplek 2024!

Onze school is onlangs uitgeroepen tot één van de honderd Klassewerkplekken in Nederland en België. Klassewerkplek gaat jaarlijks in alle lagen van het onderwijs op zoek naar die scholen waar werkgeluk het hoogst is en waar onderwijsprofessionals graag werken. De werkplek wordt ervaren als een inspirerende omgeving waar de nadruk ligt op persoonlijke groei en een bloeiende onderwijservaring. Over onze school zegt Klassewerkplek:



“Dit jaar is OBS Trije Doarpen Skoalle bekroond met het predicaat Klassewerkplek 2024! Hier staat werkgeluk centraal, waardoor het een prachtige werkplek vormt voor onderwijsprofessionals. Ervaar een inspirerende omgeving waar de nadruk ligt op persoonlijke groei en een bloeiende onderwijservaring. Bij OBS Trije Doarpen Skoalle hechten ze veel waarde aan het creëren van een stimulerende werkplek, waar passie, samenwerking en innovatie samenkomen om optimale educatieve resultaten te bereiken. Een werkplek waar leerlingen overgaan en leerkrachten blijven zitten!”

Wij zijn ontzettend trots op dit resultaat en gaan, met dit predicaat onder de arm en ‘mei elkoar wiis & wiis mei elkoar’, iedere dag weer met veel plezier naar ons werk!

Open Dag een groot succes!

Onze open dag was een groot succes. Door de dag heen mochten we ruim 70 bezoekers verwelkomen en konden zij genieten van alles wat er die dag op school gaande was. Een kleine impressie hiervan vindt u in onze hoogtepunten op Instagram. We willen via deze weg alle bezoekers nogmaals ontzettend bedanken voor hun komst!

Heeft u de open dag gemist, maar wilt u toch nog even langskomen? Dan bent u van harte welkom. Bij ons is het namelijk altijd open dag!




Samenwerking tussen de Redúster opvangorganisaties, peuterspeelzaal en school!

Afgelopen februari hebben kinderopvang Bernefertier, kinderdagverblijf Bernewrâld en buitenschoolse opvang It Sutelplak, samen met Kids First Peuteropvang De Earste Wjukslach en OBS Trije Doarpen Skoalle, een intentieverklaring ondertekend om nauwer met elkaar samen te gaan werken. De samenwerkingspartners beogen om de gezamenlijke krachten, ten gunste van de kinderen van 0-13 jaar, afkomstig uit Reduzum en de omliggende dorpen, te gaan bundelen. Samen willen de partijen een totaalaanbod op het gebied van onderwijs, kinderopvang en voorschoolse educatie in Reduzum bewerkstelligen, waarbij de samenwerkingspartners elkaar in elkaars expertises erkennen en op grond van gelijkwaardigheid van en met elkaar willen gaan leren om het best mogelijke aanbod voor de eerdergenoemde doelgroep te realiseren.

Alle partijen kijken er ontzettend naar uit om nog meer met elkaar samen te gaan werken en zien dit als een 'boppeslach' voor Reduzum en de omliggende dorpen. Dit alles zal zichtbaar gaan worden door overleggen met elkaar te organiseren waarin gezamenlijk aan activiteiten en thema's zal worden gaan gewerkt. Vanzelfsprekend houden we u hierover op de hoogte!

Verjaardagen in mei | Jierdeis yn maaie | Birthdays in May

Mei



Hieperdepiep hoera voor alle jarigen:

1 Femke en meester Arnold; 3 Dautsen;

11 Emmy; 19 Aukje; 20 Jelle;

25 Niels en Manne; 28 Shamier en juf Tialde;

29 juf Anneminke en 30 Jurre

Lokwinske allegearre and we wish you a happy birthday!

'Samar in momint' - Foto's uit de bovenbouw!



Groep 5/6

Ook bij de jongste bovenbouwers van de TDS staat de tijd niet stil en zijn er weer hele leuke dingen gebeurd. Zoveel zelfs, dat groep 5/6 met elkaar heeft besloten om de beurt in de Linepraat met elkaar af te gaan wisselen. Daarom leest u deze keer, op de volgende bladzijde, over de belevenissen op school van de kinderen uit groep 6. Allemaal veel leesplezier gewenst!

Groep 5/6 - Vervolg

Fenna

Juf Margriet van de Bieb kwam bij ons in de klas. Toen hebben we boekendans gedaan. We mochten op de muziek om de kring met stoelen lopen en op alle stoelen lag een boek. Als de muziek ophield dan moesten we gaan zitten en de achterkant en voorkant van het boek lezen. Dit was leuk!

Jesse Brand

Met crea heb ik schaken geleerd. Nu kan ik dat al een beetje. Ik weet van de meeste stukken hoe ze vooruit moeten. De boekendans was leuk!

Jarno

Juf Hilde is nu ien dei mear by ús yn de klasse. Op freed komt sy ek. Pieter is hjoed jierdei, dan hawwe wy in feestje, leuk! De boekendans fûn ik ek hiel leuk.

Jelmer

De lamkes fan Pieter fûn ik hiel leuk. Hiel skattich. De boekedûns fan juf Margriet wie ek hiel leuk. Mei muzyk en leuke boeken. Ik ha in nij boek útsocht dêrtroch.

Tom

De boekendans met juf Margriet van de Bieb was heel leuk. Er waren veel nieuwe boeken die je kon lezen. Het was ook grappig en leuk om op de muziek om de stoelen heen te lopen. We zijn naar de lammetjes van Pieter geweest. Ze waren heel schattig.



Marrit

Met crea zijn we iets heel leuk aan het maken. We werken met papier maché. Dat doen we om een ballon heen en de volgende les mogen we het verven en mooi maken.

Jort

Wy binne nei de lamkes fan Pieter west mei ús klasse. Dat wie hiel leuk. De boekedûns wie leuk mei juf Margriet fan de Bieb.



Ruben

Ik vond de boekendans heel leuk. Nu heb ik een nieuw vakboek die mijn favoriet is. Ik vind Estafettelezen leuk, maar soms saai. Op school vind ik crea ook heel leuk. Ik zit deze keer bij voetbal.

Daniël

Mijn eenden leggen ongeveer 13 eieren per dag. We eten ze op en we verkopen ze ook. Vandaag komt iemand 60 eieren ophalen.

Jelke

Ik heb voor mijn verjaardag een elektrische gitaar gekregen. Nu ga ik leren hoe je erop moet spelen. Juf Hilde viert volgende week haar verjaardag, daar heb ik zin in. Ik ga verkleed naar school. We zijn ook naar de lammetjes geweest, leuk!

Pieter

Wy binne mei de hiele groep 6 nei ús buorkerij west. Want wy hienen allegearre lamkes. Dat fûn ik hiel leuk. Wat hiel slim is: myn skiep, nûmer 41, is dea gong. Ik bin 17 april jierdei, dat is hjoed. Dat fyn ik fansels hiel leuk.

Ids

Ik jou mei krea een les mei myn mem. Dat is hândich wurde mei in rubiks cube. Ik lear de bern hoe je 3D puzzels oplosse moatte mei de rubiks cube. De ferkearsles wie lêst hiel grappig. It wie hiél makkelijk. Wy hienen reuze lol.

Arany

We zijn naar de lammetjes van Pieter geweest. Ze waren heel lief en schattig. We zijn er met groep 6 heengelopen. Ik heb een 9-jarenprik gehad. Dat deed een beetje zeer. Juf viert volgende week haar verjaardag, leuk!

Ilva

We hadden een hele makkelijke verkearsles. Daar moesten we heel hard om lachen omdat het hele gemakkelijke opdrachten waren. Ik heb zin aan de Koningsspelen volgende week. We doen dan altijd iets leuk.

Gerbrich

Ik sit mei krea by "rubiks cube". Ik bin al hiel fier om it te meitsjen. It is hiel dreech. Ids fertelt hoe it moat, tegearre mei syn mem Maaïke. Yn it skoft fyn ik it altyd leuk, lekker bûten boartsje yn de frisse lucht of ik gean nei de hynstestâl, ek leuk!



Groep 7

Dit verhaal is geschreven voorafgaand aan ons schoolkamp. De kinderen maken zich er een voorstelling van en hebben samen (elk een zin) dit verhaal geschreven:

Aankomende maandag gaan wij met groep 7 en 8 op kamp.

We gaan naar Appelscha en logeren bij kampeerboerderij 't Reidtek.

Natuurlijk gaan we pranks uithalen met de juffen en meesters en maken we het heel gezellig.

We kennen het programma en gaan leuke activiteiten doen.

Zo gaan we lekker BBQ'en en lol hebben.

De eerste dag zullen we ook nog patat eten.

We slapen in groepjes op de kamer, dat gaat een erg gezellige boel worden.

Uiteraard mag de "bonte avond" ook niet ontbreken.

Overdag gaan we kanovaren, ik ben benieuwd wie er in de sloot valt.

Midgetgolfen is ook één van de activiteiten op het programma.

Veel, heel veel snoep eten, lekker!

De party poppers gaan ook mee, meester wil het zelfs opruimen, echt raar!

Helaas op woensdag weer de koffers inpakken en terug naar Reduzum.

Dat is iets waar ik niet naar uitkijk.

Groep 8

Waarom en wat moeten we herdenken?

Met de bovenstaande vraag heeft groep 8 zich bezig gehouden in het kader van de Linepraat van deze keer. In de maanden april en mei wordt er namelijk veel aandacht besteed aan dit onderwerp. Tijd voor ons om in korte betoogjes hierover onze mening te beargumenteren.

Wij vinden het belangrijk dat we dit doen omdat we willen dat er niet nog een keer oorlog komt. Ook omdat we denken aan de slachtoffers en dat het een verschrikkelijke tijd voor de mensen was. En er zijn mensen dood gegaan die voor ons land hebben gevochten zodat we vrij kunnen zijn, dat vinden wij ook belangrijk.

Trynke en Enola

Douwe Sikke Bangma is vernoemd naar een straat. Wij hadden geen idee wie dat was, wat bleek het was een fries verzet strijder. Wij vinden het belangrijk dat we dit herdenken. Want hij heeft ons geholpen voor de vrijheid. Net zoals alle andere verzet helden. Dat vinden wij erg belangrijk want anders hadden we misschien nog steeds vastgezet. Daarom vinden wij het belangrijk om te herdenken. Dit is dus de reden waarom wij vinden dat we het moeten herdenken.

Fayen en Jelle

Wij vinden het goed dat veel mensen 2 minuten stil zijn. zodat er aan de mensen wordt gedacht die in de tweede Wereld Oorlog leefden. De volgende generaties moeten eigenlijk ook aan de mensen denken die dood zijn gegaan. We moeten ze echt niet vergeten want dan weten ze later helemaal niks meer over de tweede Wereld Oorlog. We willen niet dat er nog een oorlog komt want er is al genoeg ruzie geweest. Blijven herdenken dus!


Daam, Femke en Janne Marij

Wij vinden dat we het moeten herdenken omdat er veel onschuldige geallieerden die ons wouden helpen werden vermoord door de Duitsers. De geallieerden die ons het meeste hielpen tijdens De woll waren de Russen, Fransen en Engelsen. Daarom vinden wij dat we elk jaar weer 2 minuten stil zijn en kransen worden neergelegd bij het monument in Amsterdam. En respect hebben voor de mensen die het hebben overleefd en het helaas niet hebben overleefd

Femke en Suze :)

In de Tweede Wereldoorlog moesten veel mensen in het leger. De mensen in het leger probeerden de Duitser tegen te houden. Er zijn ook veel doden gevallen van Nederland. Ze probeerden van alles en ze hebben zelf hun leven op het spel gezet. Met behulp van andere landen + Nederland hebben de Duitsers zich uiteindelijk overgegeven. Omdat de mensen uit Nederland door hebben gevochten tot dat de Duitsers zich over hadden gegeven. En daarom vinden wij dat we de Tweede Wereldoorlog wel moeten blijven herdenken.

Njisk en Fimme



Jiergearkomste Plaatselijk Belang Idaerd, Eagum en It Hôflân
5 april 2024 yn it Lokaal fan Idaerd

Us nije foarsitter Frank Schuurmans hjit foar de earste kear eltsenien wolkom yn it Lokaal. Der binne yn totaal 22 minsken oanwêzich, wêrûnder ek Lyda Veldstra fan de FNP en Riemy Spithoff fan Gemeentebelangen Ljouwert.

Foar it iepenjen fan 'e gearkomste is Frank yn 'e argiven dûkt, en kaam ta de konklúzje dat dit alwer de 106e algemiene jiergearkomste wêze moatte soe. Al moat hjirby opmurken wurde dat der gjin gearkomste west hat yn koroanatiid. Ek sjogge wy efkes werom nei it ôfrûne jier, dêr't wy wer ús fêste aktiviteiten organisearre hawwe, lykas de jierlikse barbecue, it sintekrystbuffet en de nij yntrodusearre en suksesfolle nijjiersbuorrel.

Ek sjogge we even werom op ferline jier mei it foarlêzen fan de notulen fan de jiergearkomste fan 2023, foarlêzen troch Mardjantje. Neidat dit ferslach goedkard wurdt, nimt Sabine ús mei yn de finânsjes. Nettsjinsteande in tal hobbeltsjes yn de dyk, is Sabine der mei help fan Harmien útkaam en wurdt it finansjeel ferslach 2023 en de begrutting foar 2024 goedkard troch de leden en de kaskommisje. No't alles foar dit jier op oarder steld is en de puntsjes op de i set wurde om dit ek dúdlik yn kaart te bringen, hawwe we it foarnimmen om dit sa troch te setten nei takom jier.

Dêrnei dogge alle komisjes harren ferslach. De behearskommisje lit witte dat der ferline jier wer in soad drokte west hat yn it Lokaal, fan de Vriendenkring oant de Soos en de Polka Bandits oant aardige feestjes en gearkomsten. Dizze drokte freget ek wer om in nije oprop foar frijwilligers. Mochten der noch minsken nocht hawwe om in bartsjinst te draaien of har oanslute wolle by de skjinmakploech, dan kinne dy har melde by Geesje Oosterloo.

De Bernekommisje: mei de âldere bern út it doarp hawwe wy yn de maitiid nei Snits west dêr't wy ús wisten te ûntsnappen út in Escape Room. Yn it neijier hawwe wy mei de basisskoallebern nei Sybrandy's Speelpark west, dêr't de bern nei in hiele dei har eigen tastellen te betsjinjen ek nochris net fan it strân ôf te slaan wiene. Ek Rôt reugelstje en Sinteklaas wie wer gesellich.

De Technyske komisje: nei wat gedonder mei de kachel, soe dit no yntusken oplost wêze moatte. We binne no noch dwaande om de ljochten en fentilatoaren yn de húskes op automatyske sensoren te krijen.

Omdat de fêste aktiviteiten noch altyd suksesfol binne, kinne we ek no alfêst elkenien meidiele dat we dit jier wer in barbecue, sintekrystbuffet en nijjiersbuorrel organisearje sille. Hjirby kin elkenien dus 29 juny 2024 en 30 novimber 2024 alfêst blokke yn 'e agenda.

Nei in staaaziejier en noch njoggen jier bestjoerslid west te hawwen, giet Tabe de Graaf ôf. Wy wolle Tabe betankje foar al syn ynset yn al dy jierren, mei dêrby ek bysûnder tank oan Fiona. Spitigernôch hawwe wy noch gjin nij bestjoerslid fine kinnen. Mochten jo ynteressearre wêze en jo beskikber stelle wolle, meld jo dan by it bestjoer.

By it omfreegjen komme der ferskate fragen en opmerkingen, dy't it bestjoer oppakke sil.

Wy slute de gearkomste ôf mei in stikje oer enerzjy en de doarpsmûne, ferteld troch Wybo Palstra. In ynteressant ferhaal oer alderhande mooglikheden. Wy wolle Wybo dêrby dan ek graach betankje foar syn bydrage.

Ut namme fan it bestjoer, Mardjantje Stienstra

Luier(Ruften)-kontener yn Reduzum

Ruften (luiers) foar jonge bern binne swier en nimme in grut part fan jo kontener yn. Dêrom binne der ynsammelpunten dêr't jo de ruften fergees fuortsmite kinne.

Brûkte ruften meie wol by it restôffal, mar ynleverje by in ynsammelpunt skeelt jo yn it tal restôffal dat jo oerhâldt.

Sa as in hiel soad âlders ûnder tusken wol

witte, stiet der sûnt 2023 in luier-kontener by berne-opfang De Bernewrâld efter it stek. Wat wurd der in soad gebrûk makke fan de luier-kontener. Der is it ôfrûne jier 1460 kilo oan ruften yn sammele. De meiwurkers fan de Bernewrâld en it Sutelplak waarden dêrom yn jannewaris ferrast troch de gemeente Ljouwert en de Omrin mei oranjekoeke as tank foar it stallen fan dizze kontener.

De ruften kinne koste leas yn de kontener brocht wurde.





ALTIJD

VERS GEROOKT

Bij ons is het hele jaar door vers gerookte paling en zalm verkrijgbaar.

Openingstijden

Vrijdag 10.00 – 17.00 | Zaterdag 10.00 – 17.00

IEL EN MEAR

Ale & Marjan de Jager

Oan it Swin 9

9008 RE Reduzum



0566 60 20 39



06 23 69 05 81



a.jager81@upcmail.nl



www.praamvissenadejager.nl



SF bouw

Timmer- & onderhoudsbedrijf



info@sfbouw.nl



06 20 24 83 31



Reduzum



DE JAGER

Deur & Kozijnspecialist

Bent u opzoek naar op maat gemaakte deuren en kozijnen?

Kijk dan op:

dejagerdeurspecialist.nl



Scan de QR-code voor het gehele aanbod en meer informatie.



dejagerdeurspecialist.nl



info@dejagerdeurspecialist.nl



06 51 99 56 93



Reduzum

Eartiids skreaune minsken inoar in brief. No stjoere se meastal in appke of in mailsje. Twa minsken yn ús doarp hawwe inoar fûn troch dy e-post. Wy wolle it de lêzers fan ús Linepraat net ûnthâlde, dêrom wat biten en brokken fan de digitale snelwei tusken Suderom en Ayttawei.

Moarn Menno,

De maitiid laket ús wer ta. De dagen lingje, it wurdt wer grien en je hawwe wer mear oanslach. Oer oanslach praat. It is ek wer de tiid om antwurd te jaan op 'e blauwe oanjeftebrief ynkomstebelesting fan de belestingtsjinst. No is dat foar ús as deagewoane boargers net sa'n toer. Se witte by de faak kritisearre belestingtsjinst eins alles al. Foar 1 maaie de siferkes kontrolearje en it is klear. Soe it yn 'e takomst by ús kening Willem-Alexander en syn frou, kroanprinses Amalia en prinses Beatrix ek sa maklik gean?

It is foar it earst yn de parlemintêre skiednis dat twa tredde fan de Twadde Keamer fynt dat ús kening belesting betelje moat oer syn ynkommen. Omdat de grûnwet oanpast wurde moat, sille de 'fiskale frijstellingen' noch jierren trochrinne. Mar as it safier komt, is ús kening in bytsje mear in 'gewoane' Nederlanner wurden, is de politike gedachte. No is dit fansels mar 'lyts bier', as je it ferlykje mei alle tûkelteammen dy't noch út 'e wei romme wurde moatte. Sa ha ik grutte twivels oer de kabinetsformaasje, benammen as je earst al wiken prate moatte oer de rjochtssteat en de grûnwet. Ik tink sels dat it neat wurdt, der is gjin betrouwen en der is gjin jild. It is makliker om útbrutsen waskbearen te fangen. Ik haw lêzen dat de fjouwer partijen it oer ien saak iens binne: in personalisearre kentekenplaat op 'e auto. Yn België kin soks al foar 1000 euro. No, dêr kinne je mei thúskomme!

Hoi Koos,

Dy kening fan ús sil nea in 'gewoane' Nederlanner wurde en ik haw it wolris in bytsje mei him te dwaan. Mei niget haw ik de searje oer it hûs fan Oranje-Nassau folge en it mei eins in wûnder hjitte dat wy noch in kening hawwe. Dat hiele keningshûs hat oan safolle siden triedsjes hongen ... Trouwens, at hy belesting betelje moat, tink ik dat ús doarpsboekhâlders Ane A. en Jan G. it mei my iens binne dat soks gjin seadden oan de dyk sette sil. Loftsom of rjochtsom moatte wy dat ommers mei-inoar sels opbringe. Neffens my hat it mear sin om frou Heineken ris oan te pakken!

Do bist frijwilliger by de bunker yn Grou; dat artikel yn de Ljouwerter krante, dat wy yn dizze hektyske tiden in oerlibbingspakket klear lizzen ha moatte, sil dy ek fêst oansprutsen ha. It die my tinken oan dy hylaryske kollum fan Trinus Riemersma út de tiid dat Remkes noch minister fan Ynlânske Saken wie en syn amtners ek in pakket gearstalden om taret te wêzen op ferskate rampen. Trinus wist wol rie mei in blik tuttifrutti, in fleske wetter, in pinset, de âlde krante, twa ilestykjes, tsien lapkes húskepapier en fiif meter tou dy't dêryn sieten. Hy einige dermei dat jo it bêste josels mei dat tou ophingje kinne at Remkes mei VVD en CDA op 'e nij yn it regear komme soe. Lokkich hat de bêste man de ôfrûne trettjin jier Rutte net mear meimakke, al hie dat fêst ek snedige stikjes opsmiten. It fernuvere my dat minsken yn de koroanatiid as earste húskepapier hamsteren. Dochsto dat ek?

Bêste Menno,

Om earlik te wêzen ha ik noch gjin tel neitocht oer in oerlibbingspakket. No moat ik wol sizze dat Minke in baas boadskipper is, wy kinne it maklik fjirtjin dagen op it eigen hiem útsjonge. Yn tiden fan need is dat fansels fierste koart, mar dan helpt sa'n pakket ek net mear.

Do hast de searje oer it hûs fan Oranje-Nassau mei niget folge. Dat ha ik dien mei de fiifdielige searje De Joodse Raad. De grize giet jin oer de grouwe, it wie benearjend. De resinsjes oer dizze tragyske en oangripende dramasearje oer de Joaden yn de Twadde Wrâldoarloch yn Amsterdam wiene oer it generaal loovjend. It set jin wol oan it tinken.

Menno, wy skriuwe yn ús memmetaal. Dy taal hat krekt in opwurdearring fan it Ryk krigen. It is allegearre fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK). Minister De Jonge sei 18 miljoen euro ta foar de perioade 2024-2028. Prachtich fansels, mar no de Friezen sels noch. Want wat binne wy somtiden sleau en slûch as it om it Frysk giet. We ferbrekke ús om it hoartsje en der binne heiten en memmen dy't tsjininoar Frysk prate, mar harren bern yn it Hollânsk grutbringe. Dêr soene dy bern fierder mei komme yn de takomst, wylst taalwittenskiplik ûndersyk al lang de positive effekten fan meartaligens oantoand hat. Boppedat is mear as de helte fan de wrâldbefolking meartalich. Ek yn it ûnderwiis moatte se de rêch better ûnder it Frysk sette.

'Sunich wêze op de taal fan it hert', sei minister Hugo de Jonge by de ûndertekening. En sa is it!

Wis en wrachtich, Koos!

Dat is dochs ek presiis de reden dat wy yn ús memmetaal glêsfezelje! Wy hâlde fan it Frysk, kuozeje it en besykje it op ús eigen wize libben en linich te hâlden. Ik bin sels troch ús kommissaris fan de Kening derop oansprutsen dat ik myn boek net yn it Frysk skreaun haw. No, dat sit sa. De measte kollums dy't ik de ôfrûne tweintich jier optekene hie, wiene yn it Hollânsk. En ik fûn dat myn stikjes ek bûten ús moaie provinsje wol de muoite wurdich binne om lêzen te wurden. Dat bart no yndied

mei myn boek stees mear. Lykwols haw ik mei Eddy ('ik wol allinne mar moaie boeken meitsje') fan Utjouwerij Louise ôfpraat dat myn folgjende boek yn 't Frysk skreaun wurde sil! Sadwaande bin ik drok oan it prakkesearjen om dat goed op priemmen te setten. Dat smyt tagelyk in fraach oan dy op. Do bist sa sekuer as in skoalmaster mei it Frysk yn it algemien en de stavering yn it bysûnder: 'Koos, wolsto myn redakteur foar dat boek wurde?'

Tsjonge noch ta, Menno,

Do fregest nochal wat, mar it is fansels ek in eare. Boppedat fyn ik it moai wurk. Wat mei de Fryske taal 'ompankoekje'. No't ik dyn earsteling (Elke dag dierendag) lêzen ha, moastst mar net langer prakkesearje. Dy't skriuwt, dy't bliuwt! Do en ik, wy sille ús bêst dwaan.

